

Minister fan Ynlânske Saken en Keninkryksrelaasjes
o.f. drs. K.H. Ollongren
Postbus 20011
2500 EA DEN HAACH

Ljouwert, 30 juny 2021

Achte minister Ollongren,

Sa as yn 2019 ôfpraat ûntfange jo hjirby fan DINGtiid, it Orgaan foar de Fryske taal, it advys hearrende by de tuskenrapportaazje fan de Bestjoersôfspraak Fryske Taal en Kultuer 2019-2023. De Deputearre fan Kultuer fan de provinsje Fryslân, frou Sietske Poepjes, krijt dit advys ek tastjoerd.

Mei freonlike groetnis,

Jan Koster
Foarsitter DINGtiid

Taheakken:

1. Advys "Ynput foar de 'Tuskenrapportaazje BFTK 2019-2023'"
2. Petearpartners Tuskenrapportaazje BFTK 2019-2023

Taheakke 1 – “Ynput foar de ‘Tuskenrapportaazje BFTK 2019-2023’”

Wetlik ramt, taakopfetting en oanpak

De Bestjoersôfspraak Fryske Taal en Kultuer (BFTK) 2019-2023 is yn novimber 2018 op feestlike wize troch minister Ollongren fan Ynlânske Saken (BZK) en kommissaris fan 'e Kening Brok ûndertekene te Ljouwert. Yn 2021, healweis de rintiid, stelle Ryk en provinsje in tuskenrapportaazje op fan de útfiering fan dy BFTK, is dêrby de ôfspraak. Ryk en provinsje Fryslân ha DINGtiid yn 2019 fersocht om it jaan fan ynput foar dy tuskenrapportaazje op te nimmen yn it wurkprogramma 2020/2021; sa'n advysrol is ek konfoarm de wetlike taak fan DINGtiid, sa't dy fêstlein is yn artikel 19 lid 2b fan de Wet gebrûk Fryske taal (2014). Mei dizze notysje foldocht DINGtiid oan dat advysfersyk fan Ryk en provinsje.

Oarspronklik wie it doel om op in DINGpetear in grut tal 'brûkers' fan de BFTK (bestjoerders, profesjonals, amtners) byinoar te bringen en dêr, plenêr en yn dielsessy's, te praten oer de ûnderskate domeinen dy't de BFTK kent. Omreden fan koroana moast dêrfan ôfsjoen wurde. We ha besletten om te wurkjen mei in rige fan santjin 'miny-DINGpetearen': per domein, of soms per paragraaf, in rûnetafelpetear (meast online) mei in relatyf beheind tal ûnderfiningssaakkundigen op dat spesifike mêd. Dêrby merke we oars op dat de organisaasjes dy't ús petearpartners fertsjintwurdigje (sjoch ek de taheakke list fan organisaasjes) op útnûging fan Ryk en provinsje ek al ynput jûn of jaan kind ha yn de ûntwerpfaze fan de rinnende BFTK, dy't yn 2017-2018 wie.

DINGtiid hat syn advystaak sa opfette dat wy yn sokke rûnetafelpetearen ynventarisearje woenen hokker lakunes oft de rinnende BFTK kent en hokker ambysjes oft de kommende BFTK neistribje kinne soe. Dat ha we dien tsjin de eftergrûn fan de doelstelling dy't de rinnende BFTK yn kêst 7 beskriuwt: “[De doelstelling by de befoardering fan it Frysk is] hieltyd wer de goede rânebetingsten te skeppen en it kreëarjen fan de ideale omstannichheden, wêrtroch't it gebrûk fan de Fryske taal yn it ûnderwiis, de rjochtspraak, de media, kultuer ensfh. net langer allinne mar in rjocht, mar natuerlik en fansels wêze sil.”

Fanút harren ûnderfinings mei de notiidske BFTK koenen de petearpartners oanjaan wêr't de rinnende bestjoersôfspraak harren ferlet net rjocht dekt. De ferfolchstap wie dan om te besjen hokker ambysjes oft de kommende BFTK (2024-2028) neffens harren neistribje moatte soe.

We ha dus net besocht om nei te gean yn hoefierre oft de rinnende BFTK-ôfspraken al ferfolle binne; dat sjogge wy as de taak fan Ryk en provinsje as primêre BFTK-partners sels.

Koroana hat ús dus fan it oarspronklike plan ôfbrocht. Mar we kinne eins wol sizze dat dat in 'blessing in disguise' west hat. De foarm fan in soad relatyf beheinde rûnetafelpetearen wie dan wol tige yntinsyf, mar hat in hiel soad opsmitten. De petearpartners – kaaispilars yn it fjild en minsken dy't 'hands-on' oan en mei de Fryske taal wurkje – hienen alle romte om mei ús en mei-inoar te praten oer harren ambysjes mei it Frysk en de rol fan in BFTK dêrby. It waarden stik foar stik tige ynspirearjende sessy's.

We kinne sizze dat de advizen dy't we hjirûnder dogge, út it fjild wei opbrocht binne en dêr ek dield wurde. We drage se benammen oan om Ryk en provinsje ekstra hantfetten te jaan by it tinken oer de kommende BFTK (2024-2028), dy't yn 2022 en 2023 ûntwurpen wurde sil. Wy hoopje, mei ús petearpartners, dat se Ryk en provinsje helpe sille om de fertaalslach te meitsjen fan de notiidske praktyk nei de nije beliedsperioade, en foarm en ynhâld fan it Fryske taalbelied noch fierder te optimalisearjen.

Yn it neikommende treffe jo earst guon generale advizen oan, dy't jo as oanrikkemandaasjes fan DINGtiid oan Ryk en provinsje beskôgje kinne. Yn it twadde part fan dizze advysnotysje fine jo mear domeinspesifike opmerkings en oanrikkemandaasjes fan ús petearpartners, dy't jo suver as sitaten fan dyselde petearpartners opfetsje kinne, parafrearre foar it doel fan dizze notysje. Oan de grûnslach fan beide soarten advizen lizze (anonimisearre) petearferslaggen, dy't jo ynsjen kinne as der ferlet is fan mear eftergrûnynformaasje. Yn syn algemienens jildt foar alle advizen yn dizze notysje dat we út soarte mear as ree binne om neiere taljochting te jaan.

I Generale advizen

Sichtber, iepen & eigen

Yn ús allerearste petear, oangeande it Frysk by bestjoerlike autoriteiten (BFTK, 3.2) fertelde in amtner fan de gemeente Waadhoeke oer de termen dêr't sy – mei sukses – draachflak ûnder harren taalbelied mei sykje. Waadhoeke is in tige meartalige gemeente, dêr't sûnt de gemeentlike weryndieling fan 2018 neist Frysk en Nederlânsk ek Franekers en Bildts yn libben gebrûk binne. Om dy talen en harren sprekkers har gerak krije te litten yn it taalbelied, brûkt de gemeente Waadhoeke de trije konsepten 'Sichtber, útnûgjend, fertroud'. Dat spruts ús tige oan, mei om't it termen binne dy't in oanrin nei en konkretisearring fan de term 'fanselssprekkendheid' betsjutte, dy't de ambysje fan de rinnende BFTK sa skaaimerket (sjoch bgl. de pree-ambules fan de haadstikken 1-6).

De *sichtberens* fan it Frysk appellarret oan de winsk om lokaal, regionaal en nasjonaal foar fol oansjoen te wurden, om as twadde Rykstaal fanselssprekkend te wurden. It feit dat men de mienskip *nûget* om mei de eigen taal oan de gong te gean en dêrby stipe te bieden, aktivearret dy mienskip. It sil de fanselssprekkendheid op langere termyn tichterby bringe, om't it dêrmei ek eksplisyt in saak fan de mienskip wurdt, dy't sa mear 'eignerskip' oer de taal nimme kin. Dat men sadwaande it gefoel fan *betroudens* by de eigen taal en de eigen oerheid fergruttet, helpt om de kânsen dy't bean wurde, te gripen en der kreatyf én kritysk mei oan it wurk te gean.

We fernamen dus dat dy trije konsepten eins hiel goed tapast wurde kinne op de ambysjes fan ál it taalbelied yn Fryslân. De provinsje Fryslân hat ommers, krekt as de gemeente Waadhoeke, in hoemannichte oan ynhiemske taalfariëteiten, dy't allegearre har gerak krije moatte yn taalbelied.

We fertale de trije konsepten hjir nei termen dy't wat better passe by de provinsjale en nasjonale skaal fan en fyzje op it Fryske taalbelied: 'sichtber, iepen & eigen'. Wy leauwe dat it wurdpear 'iepen & eigen' noch krekt wat mear rjocht docht oan de winsk fan ynnovaasje dy't we yn Fryslân koesterje as it om meartaligens giet, en it gefoel fan grutskens dat we – ek bestjoerlik – hawwe en útdrage wolle as it om ús taal giet.

Koartsein rikkemandearje we Ryk en provinsje as BFTK-partners oan om by it ûntwerpen fan de nije BFTK harren beliedsôfspraken tsjin it ljocht fan dy trije konsepten te hâlden: hoe skoare de nije ôfspraken op de trije skalen 'sichtber, iepen & eigen'?

BFTK as ambysjemotor

Geandewei ús petearen die bliken dat by in protte partijen yn it fjild de tinktrant bytiden is: dit-en-dit meie we mei it Frysk. Of sels: dat-en-dat *moatte* we mei it Frysk... Dy modus ûntstiet suver as fansels troch it formele karakter fan de taalbeliedsôfspraken. Dêrby realisearje se har wol dat Ryk en provinsje yn de oanrin nei de BFTK 2019-2023 alle partijen de gelegenheid bean ha om ynput te jaan. Likegoed, yn syn notiidske foarm wurdt de BFTK somtiden suver sjoen as in soarte fan tsjeklist: ha we de ôfspraken wol neilibbe en de doelen wol helle?

Hoe soe de BFTK mear ynspirearjend wurkje kinne? Sadree't we yn in petear de ôfslach namen rjochting "Wat soenen jim eins *wolle* mei it Frysk?" ûntstie der in hiel oare dynamyk, yn frijwol al ús petearen. Dan giet it ynienen net mear oer rjochten en plichten, mar oer ambysje, kreativiteit en persoanlike belutsenens. Elts dy't mei de BFTK te krijen hat, is beflein oer it Frysk, mar de passy foar de taal komt pas by sâ'n fraach oan de oerflakte.

Fansels befettet de BFTK, sawol ymplisyt as eksplisyt, al in hiel soad algemiene en spesifike ambysjes foar it Frysk. Mar as in ynstrumint om ambysje mei it Frysk hannen en fuotten mei te jaan, sa wurdt de BFTK noch te min sjoen en brûkt yn it fjild. We rikkemandearje dan ek oan dat de BFTK mear de foarm krijt fan in ynstrumint dat partijen dy't dermei wurkje de romte jout en oanpoent om ynfolling en útfiering te jaan oan harren *eigen* ambysjes mei it Frysk: in ambysjemotor. Fansels moat de BFTK heldere ôfspraken befetsje. Mar troch it in wat iepener en frijer karakter te jaan, kin it foar bestjoerders ek in dokumint wurde dat harren helpt om eventuele behinderings yn de eigen organisaasje oer te sljochtsjen om dêr te kommen dêr't se, fanút harren eigen saakkundigens en kreativiteit komme wolle mei it Frysk. En dat jildt net allinne foar yndividuele organisaasjes, mar ek foar besteande of takomstige gearwurkingsferbannen fan organisaasjes. Want de BFTK kin ommers ek hiel goed de ambysje oanfiterje om as organisaasjes mei-inoar op te arbeidzjen yn it wurk foar en oan it Frysk.

Marketing fan taalbelied

De potinsje fan de BFTK om ambysjes mei it Frysk by organisaasjes oan te trunen, bringt ús ek by de fraach hoe't de BFTK helpe kin om de Fryske mienskip by it taalbelied te beheljen. Wy witte dat de provinsje Fryslân al neitinkt oer hoe't it Fryske taalbelied it bêste bekendmakke wurde kin ûnder de Fryske boargers. Dat is lykwols in tige lestich fraachstik. Want fansels kin eltse boarger alles lêze oer taalbelied as er dat wol – en dus ek de BFTK – mar net in protte minsken dogge dat. Krekt as oare beliedsnota's en bestjoersôfspraken is de BFTK gjin lêsstik, mar in beliedsynstrumint. Tagelyk is de BFTK wol it wichtichste ynstrumint dêr't in Fries mei gewaarwurde kin wat de oerheden mei syn of har taal fan doel binne, op de koartere en de langere termyn. Dêr wolle je as oerheid de boarger sa ticht mooglik by belûke en by belutsen hâlde. DINGtiid fynt it dan ek hiel goed dat de provinsje hjir al oandacht foar hat, en wy dogge de oanrikkemandaasje om de ynset op de marketing fan taalbelied troch te setten of sels noch út te bouwen. It is grif goed om dêrby fanôf in beskate distânsje nei nije, ferrassende perspektiven en wegen sykje te litten, en de kampanje oer lange tiid rinne te litten en periodyk te ferfarskjen. In sterke marketingkampanje sil helpe

kinne om it taalbelied, en dus ek de kommende BFTK, op it nivo fan it deistich libben fan de boarger te bringen en sadwaande dy boarger noch better te belûken by syn of har taal.

Gearfetsjend...

...advisearret DINGtiid de BFTK-partners om de BFTK noch mear te sjen as in potinsjele motor om nije ambysjes mei it Frysk oan te fiterjen by organisaasjes en by boargers en harren te ynspirearjen. Dat kin troch, oan de iene kant, yn de BFTK mear romte te skeppen om yndividuele organisaasjes sels fanút ambysje, kreativiteit en eigen saakkundigens it Frysk befoarderje te litten. Oan de oare kant kin de Fryske mienskip faaks noch better by it taalbelied belutsen wurde troch in tûke marketingoanpak. Sawol yn sa'n marketingoanpak as by it oanfiterjen fan de ambysjes by organisaasjes en Fryske boargers tinkt DINGtiid dat de konsepten 'Sichtber, iepen & eigen' ynspirearjend wurkje kinne soenen.

II Domeinspesifike opmerkings en advizen fan petearpartners

Yn dit twadde diel ha we de winsken en opmerkings gearbrocht dy't ús petearpartners yn de petearen útsprutsen ha; jo kinne se suver lêze as útspraken fan dy petearpartners, parafrasearre as konkrete oanrikkemandaasjes oan Ryk en provinsje, as de BFTK-partners. Ek hjir jildt, dat DINGtiid him realisearret dat by it ûntwerpen fan de rinnende BFTK al romte west hat foar alle partijen om harren winsken kenber te meitsjen. We jouwe harren winsken en opmerkings hjir oan jo mei om jo te ynspirearjen by it ûntwerpen fan de kommende BFTK. Taheakke fine jo in list fan de organisaasjes en ynstellings dêr't we mei praat ha. De (anonymisearre) ferslaggen fan de petearen kinne we op jo fersyk beskikber stelle.

Oars as de generale advizen fan DINGtiid yn diel I fan dizze notysje, ha de opmerkings fan de petearpartners betrekking op spesifike domeinen, fraachstikken en ûnderdielen fan Frysk taalbelied. Ek hjirby jildt wer dat it startpunt west hat: de ûnderfinings fan dy petearpartners mei de rinnende BFTK, de lakunes dy't se yn it wurkjen dêrmei fêststelle en de ambysjes dy't se yn in kommende BFTK graach weromsjen soenen.

Oan de opmerkings dy't ús petearpartners dien ha, heakje we op relevante plakken ek oanrikkemandaasjes ta dy't fuortkomme út resinte DINGtiid-advizen; dy ha we markearre troch de oangeande advysnotysje tusken heakken te neamen.

We begjinne mei opmerkings dy't yn meardere petearen makke waarden en dus as oanrikkemandaasjes foar mear as ien ûnderdiel fan de BFTK jilde kinne:

Algemien:

- Stean der as BFTK-oerheden by alle bestjoerlike partners op oan dat taal in goed en dúdlik plak yn harren wurk en harren eigen organisaasje krijt, mar lit it oan dy organisaasjes sels oer om dêr ynfolling oan te jaan: betrou op de kreativiteit, saakkundigens en motivaasje fan dy partners.
- Brûk de BFTK om gearwurkingsferbannen tusken media, ûnderwiis, kultuer en wittenskip te stimulearjen.

- Soargje dat yn it fjild helder is wa't it ynhâldlike oansprekpunt binnen de provinsje is en boargje dat dy persoan yngeande kennis fan dat fjild hat; earder wie dat meast ek sa, mar op 't heden is it oansprekpunt gauris in amtner dy't net sasear fanút de ynhâld mar mear fanút de formele ferantwurding tsjin it oanbelangjende fjild oansjocht.
- Soargje dat de ynformaasjefoarsjenning yn it fjild goed regele is; gean as BFTK-partners per domein of sektor yn petear mei de partners yn it fjild oer de bêste wize om dat yn te foljen.
- Set yn op in goede ûntwikkeling fan de besteande kennis oangeande taalpsychology en taalhâlding, dêr't taalbefoarding en wittenskip inoar yn fine.
- Jou de kennisynstellings fan Fryslân de romte en de posysje om Ryk en provinsje te advisearjen oer in breeddoegen kennisaginda dy't as basis foar langetermynbelied foar it Frysk tsjinje kin (*Op 'e syk nei nije dynamyk*, 2020).

Underwiis (H2)

Foarskoalsk:

- Meitsje fia de BFTK sôkke ôfspraken oer it plak fan it Frysk yn de VVE dat se rjocht dogge oan de likense posysje fan it Frysk en it Nederlânsk yn Fryslân.
- Meitsje – fia de BFTK mar ek streekrjocht – fanút it Ryk oan de gemeenten net allinne de mooglikheid mar ek de *winsklikheid* dúdlik fan in goed en knap ferspraat aanbod Frysk yn de VVE binnen eltse gemeente.
- Tink der as BFTK-partners oer nei hoe't *eltse* âlder de mooglikheid krije kin om lokaal Fryske opfang te nimmen (no is dy mooglikheid der lokaal bytiden net).
- Meitsje kennis fan it Frysk ûnder de lied(st)ers minder frijbljuwend, set derop yn dat it neamd en brûkt wurdt as in pree yn de werving; fasilitearje dat dy kennis útboud wurde kin.
- Poen organisaasjes oan om it plak fan it Frysk binnen de organisaasje út te dragen en te fersterkjen, en gean bestjoerlik mei harren yn petear om te sjen hoe't soks ynfolle wurde kin.
- Tink nei oer it plak fan it Frysk yn de mbû-oplieding fan lied(st)ers.
- Set yn op in 'Fryske fariant' fan de taaltsjek dy't de GGD by foarskoalske edukaasje útfiert, dy't ek de faktor twataligens by jonge bern op de goede wize ferdiskontearret.
- Tink nei oer tûk en goed mjitten fan it taalnivo by de oerstap fan foarskoalsk nei primêr ûnderwiis, en brûk dêrby de ûnderfining dy't dêr yn Fryslân al mei is.

PÛ/FÛ/WEC:

- Tink deroer nei hoe't de BFTK-oerheden en ûnderwiissektor inoar helpe kinne om de spanning tusken leararetkoarten en Frysk kwaliteitsûnderwiis op te heinen, ek op fuortset ûnderwiisnivo.
- Bliuw as provinsje oanienwei yn petear mei de Underwiisynspeksje (*Advysbrief Underwiisynspeksje*, 2021).
- Boargje dat ynspekteurs de taal ferstean en idealiter ek sprekke kinne, en ek goed op de hichte binne fan Taalplan 2030 en it wetlik ramt fan Frysk ûnderwiis.

- Tink mei de sektor nei oer hoe't âlden belutsen wurde kinne by it ûnderwiisbelied op skoalle as it om it Frysk giet.
- Bliuw as provinsje goed en geregeld yn petear mei skoalbestjoeren (*Advysbrief Underwiisynspeksje, 2021*).
- Bliuw as provinsje goed yn oerlis mei ûnderwiis(stipe)organisaasjes, ek oangeande projekten dy't de provinsje sels ynrjochtet.
- Nim as provinsje ferantwurdlikheid foar it goed funksjonearjen fan it ûnderwiisstelsel, mar ha dêrby betrouwen yn de goede útfiering troch de ûnderwiisorganisaasjes en bliuw by de útfiering sels op distânsje.
- Fasilitearje jierliks in provinsjale 'Dei fan it Frysk' as momint om Frysk yn it brede ûnderwiis sintraal te setten en de ûnderlinge netwurken út te bouwen en kennis en ûnderfinings te dielen (*Advysbrief Underwiisynspeksje, 2021*).
- Tink nei oer hoe't it boppeskoalske team Frysk fan de VLLT in plak yn de BFTK krije kin.
- Boargje dat jildten dy't foar Frysk útjûn wurde by skoallen ek oan de goede saken bestege wurde.
- Boargje (it ûntwikkelproses fan) de keardoelen yn de BFTK, bgl. troch dy te keppeljen oan taalprofilen binnen Taalplan Frysk en oan de lanlike keardoeltrajekten.

MBÛ:

- Stypje it inisjatyf om in skoaloerstiigjende fakgroep Frysk mei fakdosinten yn te stellen en te boargjen.
- Fasilitearje projekten yn it mbû mei dúdlike subsydzjebetingsten en stel ferwachtings oan de ynset fan de bestjoerders.
- Hâld by de regelingen foar de befoardering fan it Frysk rekken mei de skaalgrutte dy't yn it mbû hantearre wurdt.
- Tink mei de sektor nei oer inisjativen om it leararetekort op te heinen.
- Skep fia de BFTK romte om differinsjaasje yn it nivo oanbringe te kinnen.
- Boargje projekten yn de organisaasjes fan de mbû's, sadat se minder ôfhinklik binne fan yndividuën.
- Soargje dat de mearwearde fan it Frysk foar *alle* mbû-studenten foar harren beropskânsen dúdlik field wurde kin; ek it Ryk kin yn it Fryske mbû de fanselsprekkendheid fan it Frysk yn elke beropskontekst beklamje.

Heger ûnderwiis

- Boargje yn de BFTK dat der minimaal ien strukturele, folsleine learstoel Fryske taal en letterkunde (BA/MA) is en bliuwt oan in Nederlânske universiteit.
- Slút yn it kurrikulum fan de oplieding(s) goed oan by it ferlet yn it fjild, ek troch oare organisaasjes en ynstituten (yn en bûten it ûnderwiis) te beheljen by opset en ynfolling fan it kurrikulum.
- Stel it Frysk sintraal binnen it akademyske ûnderwiis en ûndersyk, binnen de kontekst fan in meartalige mienskip.
- Jou yn de BFTK omtinken oan de urginsje fan regeneraasje binnen it kennisfjild fan de Fryske taal (*Op 'e syk nei nije dynamyk, 2020*).
- Tink nei oer stimulearringsmooglikheden om mear studenten Frysk te krijen, bgl. de fergoeding fan Frysk as twadde stúdzje.

- Oerlis mei kennis- en hegerûnderwiispartijen hokfoar fertuten oft de ynstelling fan in fûns fan akademyske jilden ('Fûns Frysk'), wêrby't behear en tafersjoch berêste by dyselde partijen, dwaan kin foar it akademysk ûnderwiis yn en ûndersyk fan it Frysk.

Rjochterlike en bestjoerlike autoriteiten (H3)

Rjochterlike autoriteiten

- Gean mei de rjochterlike macht yn petear oer hoe't it stimulearjen fan it brûken fan it Frysk – dêrby de wetlike lykweardigens mei it Nederlânsk ûnderkennend – yn de rjochtseal de kwaliteit fan de rjochtspraak befoarderje kin.
- Sykje, mei de rjochterlike macht en oare saakkundigen op dit mêd, nei effektive en stimulearjende wegen om by in rjochtsaak sawol yn de tariedende faze (bgl. fia de daging) as yn de rjochtseal (bgl. mei buordsjes en Frysktalige rjochters) goed sichtber te meitsjen dat men jin folslein frij fiele kin om Frysk te brûken, en dêr dus gjin inkelde hinder of neidiel fan ûnderfine sil.

Bestjoerlike autoriteiten

- Tink, mei de gemeenten, nei oer oer hoe't de amtners belutsen wurde kinne by it ûntwikkeljen fan nij gemeentlik taalbelied.
- Tink, mei de gemeenten, nei oer hoe't it tal fte's en middels binnen de gemeenten op in nivo komme en bliuwe kin dat alle gemeentlike ambysjes mei it Frysk ek útfierd wurde kinne.
- Tink, mei de gemeenten, nei oer hoe't Frysk taalbelied op de lange termyn ûnderdiel bliuwe kin fan gemeentlik belied, los fan de yndividuele goedwollende wethâlder en amtners.
- Tink nei, mei oanbelangjende gemeenten, oer hoe't tagelyk mei it fersterkjen fan it Fryske taalbelied ek de posysje fan oare streektaalfariëteiten yn de oangeande gemeenten sterker wurde kin, en oer de rol dy't de BFTK dêrby spylje kin; benammen yn gemeenten – yn of bûten de Taalwet – dêr't dy oare streektalen relatyf sterk binne, kin dat ek fertuten dwaan foar de posysje fan it Frysk.
- Tink – net fanút formalisearring mar fanút optimalisearring – nei oer hoe't by Rykstsjusten it Frysk (of eins: hoe't streektaal) sa ynset wurde kin yn it kontakt mei de boarger dat it helpt in brêge mei de mienskip te slaan (Case study *Het gebruik van Fries by Rijksuitvoeringsorganisaties*, 2020).

Media (H4)

- Tink mei it fjild nei oer duorsume en heechwaardige oplieding en talintûntwikkeling (bgl. 'Frysk talintefûns', traineeships y.g.m. û.o. RUG) fan sjoernalisten yn ferbân mei de Fryske taal en kultuer – ek mei it each op de mooglikheden dy't it Europeesk Hânfêst biedt.
- Hâld by al it Fryske mediabelied rekken mei it feit dat kranten ta de private sektor hearre en dêrom in oare finansjeel startpunt mei de byhearrende (ûn)mooglikheden ha.
- Jou yn de BFTK in goed plak oan regionale kranten (dy't ommers yn harren statuten ek in dúdlik plak ha foar befoardering fan it Frysk).

- Gean mei de media yn petear oer de gearwurkingswinsken dy't dêr binne op it mêd fan Fryske taal en kultuer, en tink as BFTK-partners dêrby nei oer hoe't tûkelteammen fan publyk/private gearwurking (pps) – spesifiker: it byinoar bringen fan jildstreamen fanút de publike en de private sektor – oersljochte wurde kinne.
- Tink yn it ramt fan de BFTK nei oer it belang en de rol fan de lokale kranten, en de ynfloed dy't se op lokaal nivo ha, ek foar de sichtberens fan it Frysk.
- Soargje dat de kapasiteit der is en bliuwt om it oanpart Frysk yn meartalige mediaproduksjes oerein te hâlden en sels te fergrutsjen (bgl. ûndertiteljen, onljine twataligens).
- Rjochtsje foar én mei de Fryske media in 'Eksperimintearfûns' yn, bgl. om te ûndersykjen hoe't it publyk fia de media it bêste mei de Fryske taal yn oanrekking komme kin, of hoe't Frysk yn de media op termyn ekonomysk rendearje kin.
- Besjoch oft de notiidske fokus (benammen online) fan de media op jongerein ta resultaten fiert dy't spesifike beliedsôfspraken yn de BFTK op dit mêd winsklik meitsje.
- Tink nei oer wat it foar de Omrop betsjutte soe (te'n goede en te'n kweade) as der ferplichtings oan it oanpart Frysk steld wurde soenen.

Kultuer (H5)

Tresoar:

- Spesifisearje yn de BFTK it nasjonaal belang fan Tresoar as it argyf foar Fryske taal en letterkunde, en boargje de bestjoerlike Ryksbelutsenens by Tresoar yn de BFTK.

Toaniel:

- Wêr't it yn de BFTK of oare nota's giet oer Fryske literatuer, dêr soe it sjenre 'toaniel' eksplisyt meinaam wurde moatte.
- Meitsje dúdlik dat de BFTK der is foar de hiele Fryske teätersektor, bygelyks ek troch yn de titel fan 5.1 yn stee fan de term 'Frysk beropstoaniel' de term 'Fryske teäterselskip' te brûken.
- Soargje dat de BFTK ûnder 'kreative en fernijende produksjes' (5.5.3) eksplisyt ek toaniel en teäter beflapt; sa't it no formulearre is, liket it benammen op festivals rjochte te wêzen.
- Hâld by de finansjele mooglikheden dy't út de BFTK fuortkomme rekken mei de skaalgrutte fan iepenloftspullen.
- Hâld Tryater spesifyk yn de BFTK, ek as katalysator fan de Fryske toanielsektor, mar soargje dêrneist ek foar mear tagonklikheid foar oare foarmen fan toaniel en teäter.
- Sykje mei de sektor nei in balâns foar it oanpart Frysk yn produksjes, dy't gjin ôfbrek docht oan de artistike en kreative belangen.

Literatuer:

- Soargje dat de oankundige Literatuernota fan de provinsje der yntiids leit om de folgjende BFTK mei te fuorjen; soargje foar in praktyske ynstek fan dy nota, en belûk it literêre fjild dêrby.

- Tink goed nei oer it aard fan literatuer, dat yn it foarste plak gjin taalbefoarderingsmiddel is, mar in keunstfoarm.
- Boargje dat Fryske literatuer de goede oandacht krijt yn it Fryske taalûnderwiis.
- Belûk boekhannels struktureel by oerlizen oer Fryske boeken; sykje mei dy sektor nei wegen om it foar harren oantrekliker te meitsjen om Fryske boeken in sichtber plak te jaan en om oan promoasje fan Fryske boeken te dwaan.

Kultuerpartisipaasje:

- Tink mei it kulturele fjild nei oer hoe't de brêge tusken fyzje en praktyk op it mêd fan it Frysk slein wurde kin: hoe kin it kulturele fjild bydrage oan it neistribjen fan doelen en winsken mei it Frysk? Foar dy bydrage is jild wichtich, mar praktysk meitinken oer opset en útfiering fan praktyske plannen allyksa.
- Tink mei it kulturele fjild nei oer gaadlike wizen om resultaat mei te mjitten; mjit it sukses fan in publikaasje bygelyks net allinne ôf oan in beskaat minumumtal produsearre boeken.

Ekonomysk en sosjaal libben (H6)

- Skep romte yn de BFTK foar in ûndersykstrajekt tusken de ekonomyske sektor, wittenskip en taalbefoardering om te sjen hoe't it Frysk in leechdrompelich en fleksibel plak krije kin yn it bedriuwslibben.

Taheakke 2 - Petearpartners Tuskenrapportazje BFTK 2019-2023

De petearen binne fierd yn de perioade fan 4 maart 2021 oant 11 maaie 2021. De petearen ha mei bestjoerders en/of meiwurkers fan ûndersteande organisaasjes west (op alfabetyske folchoarder):

Organisaasjes:

Afûk
Cedin
Friesch Dagblad
Gemeente Fryske Marren
Gemeente Leeuwarden
Gemeente Waadhoeke
Iepenloftspul Jorwert
Keunstwurk
Leeuwarder Courant
Museum Martena
Nederlands Letterenfonds
NHL Stenden Hogeschool
Omrop Fryslân
Pier 21
Rijksuniversiteit Groningen
Rjochtbank Noard-Nederlân
SFBO
SKIK
Tresoar
Tryater
Universiteit Utrecht
Universiteit van Amsterdam

Selsstannich:

Oersetter
Skriuwer
Teätermakker
Tolk

Minister van Binnenlandse Zaken en Koninkrijksrelaties
T.a.v. drs. K.H. Ollongren
Postbus 20011
2500 EA DEN HAAG

Leeuwarden, 30 juni 2021

Geachte minister Ollongren,

Zoals in 2019 afgesproken ontvangt u hierbij van DINGtiid, het Orgaan voor de Friese taal, het advies behorende bij de tussenrapportage van de Bestuursafpraak Friese Taal en Cultuur 2019-2023. De Gedeputeerde van Cultuur van de provincie Fryslân, mevrouw Sietske Poepjes, ontvangt dit advies gelijktijdig.

Met vriendelijke groet,

Jan Koster
Voorzitter DINGtiid

Bijlagen:

1. Advies "Input voor de 'Tussenrapportage BFTK 2019-2023'"
2. Gesprekspartners Tussenrapportage BFTK 2019-2023

Bijlage 1 - "Input voor de 'Tussenrapportage BFTK 2019-2023'"

Wettelijk kader, taakopvatting en aanpak

De Bestuursafpraak Friese Taal en Cultuur (BFTK) 2019-2023 is in november 2018 op feestelijke wijze door minister Ollongren van Binnenlandse Zaken (BZK) en commissaris van de Koning Brok ondertekend te Leeuwarden. In 2021, halverwege de looptijd, stellen Rijk en provincie een tussenrapportage op van de uitvoering van die BFTK, aldus de afspraak. Rijk en provincie Fryslân hebben DINGtiid in 2019 verzocht om het leveren van input voor deze tussenrapportage op te nemen in het werkprogramma 2020/2021; zo'n adviesrol is ook conform de wettelijke taak van DINGtiid, zoals die is vastgelegd in artikel 19 lid 2b van de Wet gebruik Friese taal (2014). Met deze notitie voldoet DINGtiid aan dit adviesverzoek van Rijk en provincie.

Oorspronkelijk was het de bedoeling om tijdens een DINGpetear een groot aantal 'gebruikers' van de BFTK (bestuurders, professionals, ambtenaren) te verzamelen en daar, plenair en in deelsessies, te overleggen over de verschillende domeinen die de BFTK kent. Vanwege corona moest hiervan worden afgezien. We besloten om te werken met een reeks van zeventien 'mini-DINGpetearen': per domein, of soms per paragraaf, een rondetafelgesprek (meestal online) met een relatief beperkt aantal experts op een specifiek gebied. Hierbij merken we op dat de organisaties die onze gesprekspartners vertegenwoordigen (zie ook de lijst van organisaties in de bijlage) op uitnodiging van Rijk en provincie ook al input hebben gegeven of hebben kunnen geven in de ontwerpfase van de lopende BFTK, die in 2017-2018 was.

